FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Oan de hear M. de Bruijn, direkteur Kristlike Basisskoalle *By de Boarne*
Suderom 2
9212 PS BOARNBURGUM

Itens/ Drachten, 20 septimber 2005

Underwerp: ûntwikkelingsefterstân en Frysk, artikel *Trouw* (22-06-2005)

Achte hear De Bruijn,

Net sa lang lyn krigen wy in artikel yn *Trouw* (fan 22-06-2005) ûnder eagen oer de nije útstellen foar it takennen fan ekstra jild yn it ramt fan it tsjingean fan efterstân by bern ûnder de titel 'Friese school: lichte verbetering'. Jo waarden yn de tekst sitearre en sa soene jo sein hawwe dat Frysktalige bern eins per definysje in ûntwikkelingsefterstân hawwe. It bedoelde sitaat: 'Sommige kinderen spreken alleen maar Fries als ze op school komen en hebben meteen een achterstand in ontwikkeling'. Wurden as 'alleen maar' en 'meteen' suggerearje wol hiel dúdlik dat it Frysktalich wêzen net sa bêst is en in (kognitive) efterstân betsjut.

No is it nuodlik om ôf te gean op wat yn de krante stiet, mar it stiet der dochs mar. En sa't it der stiet, achtsje wy dy útspraak nochal diskriminearjend. Wy kinne ús hast net yntinke dat immen mei in behoarlike foaroplieding en in baan yn it ûnderwiis yn Fryslân soks sizze en tinke kin. Los sjoen fan ferskillen yn oanlis by bern, hat *efterstân* ommers alles te krijen mei in wol of net stimulearjend miljeu thús en op skoalle. Net de taal op himsels, mar (de kwaliteit fan) it taalgebrûk (de taalkultuer) is beskiedend as it giet om it begryp (*ûnderwiis-/ûntwikkelings-/kognitive*) efterstân. Hollânsktalige bern kinne likegoed in efterstân hawwe as it Hollânske taalgebrûk fan húshâlding en buert earmoedich is, mar grif net ien sil no beweare dat it oan it Hollânsk as taal leit of dat de skoalle mar better op it Ingelsk, Dútsk of it Frysk oerstappe kin.

Yn it niisneamde artikel komt de suggestje nei foaren dat *Frysktalichheid* in probleem is en de *oarsaak* fan swierrichheden (ûntwikkelingsefterstân). En dus bestriden wurde moat? Jo Sjineesk sil, nei't wy oannimme, net al te bêst wêze, mar hawwe jo no in kognitive efterstân?

Dêrom wolle wy twa fragen oan jo foarlizze:
1. Wurde jo wol *goed sitearre* yn it oanbelangjende artikel yn *Trouw*?
2. En as dat sa is, wat is dan jo pedagogyske en kulturele argumintaasje as direkteur fan in plattelânsskoalle yn Fryslân as it oer de taal fan jo learlingen giet?

Wy soene dêr mear dúdlikens oer hawwe wolle en sjogge (as *Feriening Frysk Underwiis*) meikoarten graach jo reaksje yn 'e mjitte.

Mei achtinge,

drs. S.T. Hiemstra,
skriuwer FFU